

WA WIE MOHAMMED?

In lytse seleksje út Syn lear fan wat jimme witte moatte

Nommelens en tsjinstberens

De Hillige Profeet (frede sij mei him) sei: *'De folsleine skepping is de famylje fan God, en hy dy't Syn skepping it measte ta tsjinst stiet, is it meast dierber by God.'* (Mishkaat)

Tsjin antysemitisme

Op in kear kaam der in lykstaasje by de Hillige Profeet del, dy't doe út respekt stean gong. Der waard him ferteld dat it de útfeart fan in joad wie. Dêrop antwurde de Hillige Profeet: *'Wie hy dan gjin minske?'* (Sahih Bukhari)

Loyaliteit oan it lân dêr't immen wennet

Yn 'e Islam is hearrigens oan de wetten fan it lân in godstsjinstige plicht. De Hillige Koran befellet moslims om net allinnich oan Allah en de Hillige Profeet Mohammed trou te wêzen, mar ek oan it gesach dêr't hja ûnder libje. Hy ferklearret:

'O jimme dy't leauwe, doch wat Allah jim seit en doch wat Syn Boadskipper jim seit en dejingen dy't gesach oer jimme hawwe.' (4:60)

De Hillige Profeet hat sein: *'Leafde foar it lân dêr't immen wennet is ûnderdiel fan it leauwen.'* (Mirqat Al-Mafatih)

Frijheid fan leauwen

De Hillige Koran beklammet frijdom fan godstsjinst foar eltsenien en lit it oan de minsken oer de godstsjinst fan harren kar te folgjen. It stiet de minsken ek frij om fan religy te feroarjen. Dêroer ferklearret de Hillige Koran: *'Der is gjin twang yn godstsjinst'* (2:257) en *'Hy dy't leauwe wol, leaut, en hy dy't net leauwe wol, leaut net'* (18:30).

Tsjin bistemishanneling

Op in kear doe't wy ûnderweis wiene op in reis mei de Hillige Profeet, seagen wy twa jonge dowen yn in nêst en hawwe we se fongen. Se wiene noch tige jong. Doe't de memmedo weromkaam op it nêst en har piken miste begûn se wyld en yn panyk om it nêst hinne te fleanen. Doe't de Profeet dêr oankaam en hy de do seach, seid er: *"Dejinge fan jimme, dy't de piken fan dizze do fongen hat, moat se fuortendaliks wer frij litte om de memmedo wer te kalmearjen."* De maat fertelt fierder dat doe't hja op in kear in eamelbult seagen dêr't hja strie op leine en dêrnei yn 'e brân stieken, waarden se troch de Profeet keard. (Sunanu Abi Dawud)

Helje sûnder kosten
de **biografie fan Mohammed** op via
islamnu.nl



Ahmadiyya Moslim Mienskip
Mobarak Moskee
Oostduinlaan 79
2596 JJ Den Haag
070-3245902 | info@islamnu.nl

LEAFDE FOAR ELTSENIEN HAAT FOAR NIMMEN